

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

jiergong 39 nûmer 2

oktober 2008



Redaksje:

Sjoerd van Beem
Willem Wijnia
Metsje Huitema
Gerard van Asselt
Atty Scheltema
Dirk-Yde Sjaarda

Adres:

Molewâl 4, 8731 AD Wommels
Walperterwei 21, 8731 CC Wommels
Tywert 4, 8731C L Wommels
Dobbelân 6, 8734 GZ Easterein
‘t Heechhiem 1, 8734 GS Easterein
Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein

tillefoan:

0515-332482
0515-331444
0515-333295
0515-332181
0515-332791
0515-331536

Bestjoer:

Douwe Dirk Reitsma Smidslân 11, 8734 HJ Easterein
Immie Kamstra Monsamabuorren 1, 8844 KT Hinnaard
Willem Twynstra De Ljits 1, 8734 HL Easterein
Andre Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein
Sietske Okkema De Singel 15, 8734HP Easterein
Rudy Dykstra Dr. Stapertstrjitte 11, 8731 CA Wommels
Koos Plantinga De Singel 24, 8734 HR Easterein
Enne Jeh. Bruinsma De Singel 12, 8734 HR Easterein
Durk Okkema Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein

tillefoan:

0515-332500
0515-332149
0515-332570
0515-333134
0515-332221
06-22916180
0515-332448
0515-332013
0515-333005

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Wedstriidsekretariaat
2^e ponghâlder
Foarsitter jongerein
Lede-administraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken

Jongereinkommisje:

Ab Scheepvaart Geins 24, Wommels
Anco Elgersma Kon. Wilhelminastraat 90, Snits
Fokje Breimer Greate Buorren 13, Kûbaard
Pieter Groenveld it Stalt 5, Wommels
Anne Hallema De Singel 19, Easterein
Jan Bouke Bouma Dobbelân 4, Easterein

tillefoan:

0515-332604
0515-851324
0515-331330
0515-333927
0515-332928
0515-532609

funksje:

Algemien lid
Sekretaris
Skriuwster
Algemien lid
Algemien lid
Algemien lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema
Koördinator SDS 1,2 en 3: Gerrit Terpstra
Koördinator SDS 4 en 5: Ids Boersma
Koördinator Futsal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Anke van Asselt
Sekretaresse: Elizabeth Breeuwsma

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Durk Okkema	0515-333005	Foarsitter
Ab Scheepvaart	0515-332604	Skriuwer
Klaas Okkema	0515-332221	Coördinator A- en B-junioren
Ab Scheepvaart	0515-332604	Coördinator C-junioren
fakatuere		Coördinator D-pupillen en keepers
Robert Hoekstra	0515-331190	Coördinator E-pupillen
Anne Hallema	0515-332928	Coördinator F-pupillen en afvaardiging jeugdbestuur

Emailadres: Douwe Dirk Reitsma foarsitter douweenjetreitsma@hetnet.nl

Sponsorkommisje

Enne Jeh. Bruinsma	Shirtsporing	ennebruinsma@wanadoo.nl
Anne Stenekes	Treffer en website	
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS	
Wichard Deinum	Wedstrydsponsors	
Rinse Joustra	Sekretaris	
Silvia Hania	Algemien lid	
Pep de Boer	Administraasje	

Aktiviteitenkommisje

Oebele Anema	Klaas Okkema	Eke Sybesma
Geert Hiemstra	Gatske Hiemstra	Annie Sjaarda

Wedstriidsekretariaat

André en Tineke Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein 0515-333134 famviea@hetnet.nl

Akkomodaasje:

Sportpark “De Skoalleseize”, ’t Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

Fersoarging terrein:

Andries Stuiwer	A. Joustrajitte 4, 8734 GJ Easterein	0515-332872
Harm Bergsma	Skoallestrjitte 46, 8734 GN Easterein	0515-332476

tillefoan:

Fersoarging materialen:

Willem Twynstra	De Ljits 1, 8734 HL Easterein	0515-332570
Jan de Jong	De Streek 10, 8734 GR Easterein	0515-331351

Konsul:

Pier Faber	’t Heechhiem 3, 8734 GS Easterein	0515-331750
------------	-----------------------------------	-------------

Bankrelaasje: 34.95.01.033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

Easterein:	G. Orsel, De Streek 7, 8734 GR Easterein	0515-331297
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje :

Senioren fjildfuotbal:	€ 55,10	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 39,75	it healjier
Senioren fjild- en sealfuotbal:	€ 94,85	it healjier
A- en B-junioren:	€ 43,75	it healjier
C-junioren:	€ 36,85	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 30,05	it healjier
F-pupillen:	€ 26,05	it healjier

foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.
Foar leden, sponser en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, “de Treffer”, fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Wichard Deinum (till. 0515-331572).

Stipers

Mear ynformaasje bij Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar nijere ynformaasje skilje mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme Koos Plantinga (till. 0515-332448). Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde. Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Foar sealfuotballers jildt deselde prosedure as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek noch in **pasfoto** nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Nijere ynformaasje is te finen op: **www.vv-sds.nl**


De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

Moandei 8 desimber

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan ‘e redaksjeleden.

Leafst op skiif of oer de E-mail.

E-mail adres : detreffer@vv-sds.nl



Fan de redaksje



Mei dizze nije Treffer, de earste échte Treffer fan dit fuotbalseizoen, komme ek twa nije gesichten yn de redaksje fan ús klupblêd. Neist my is dat Atty Scheltema. Tegearre sille wy it gemis fan Aant Hofstra probearje op te fangen. Dat dit dreech wurdt sil dúdlik wêze.

Hoe dan ek sille we as redaksje der tsjinoan dit seizoen. Sa kinne jimme yn dizze edysje in ynterview fine mei de nije haadtrainer fan SDS 1, Dick Schuurmans. Nei it trainerskip yn Koudum by Oeverwaluwen is hy hjir alwer in tiidsje oan de slach. Befalt it him hjir wat yn Easterein?

Derneist ek oandacht foar it froulju's fuotbal by SDS yn de earste edysje fan Noppen & Naaldhakken. Ek is Gerard op paad west mei de nije rubryk Wy Hyve mei...

Koartom, der leit wer in tige nijsgjirrige Treffer foar jim noas. Hâld fansels ek de SDS-side yn de gaten foar it alderlêste nijs: www.vv-sds.nl.

Folle lêsplesier tawinske!

(DYS)

Ynhâldsopjefte

**Dick easket
100% ynset!**



side 6

**Tryntsje mei it
leafst spaghetti...**



side 24

**Skelte en de
bolderkarre**



side 31

<i>Fan it bestjoer.....</i>	<i>5</i>
<i>Oan it wurd.. Dick Schuurman.....</i>	<i>6</i>
<i>SDS League: Stân wike 2 earste helte 2008-2009.....</i>	<i>9</i>
<i>Yn de kunde komme mei... Arnoud Koster.....</i>	<i>111</i>
<i>Noppen en Naaldhakken.....Fout! Bladwijzer niet gedefinieerd.</i>	<i>4</i>
<i>Ljocht op in sponsor: FAKWURK.....Fout! Bladwijzer niet gedefinieerd.</i>	<i>6</i>
<i>Ledegearkomst vv SDS.....</i>	<i>18</i>
<i>SDS 5 op Skylge.....</i>	<i>19</i>
<i>Sibe de Seefûgel.....</i>	<i>23</i>
<i>Persoanlik.....</i>	<i>234</i>
<i>Ôfskie nimme fan Kasper Hoek.....</i>	<i>247</i>
<i>Wy Hyve mei.....</i>	<i>278</i>
<i>Ut de alde doaze.....</i>	<i>300</i>
<i>De Bolderkarre.....</i>	<i>311</i>
<i>Doelpuntenmakers 2008-2009.....Fout! Bladwijzer niet gedefinieerd.</i>	<i>2</i>
<i>Supertreffer.....</i>	<i>333</i>
<i>Trefferkes.....</i>	<i>344</i>
<i>Agenda.....</i>	<i>366</i>
<i>SDS Fanshop.....</i>	<i>366</i>

Fan it bestjoer



It is hjoed 9 oktober as ik dit stikje skriuw, en gelokkich, gelokkich giet it nei

omstannichheden best mei Floris. It wie in grutte skrik foar eltsenien dat dit barde op sneon 4 oktober, mar mei tank oan de adekwate help fan de omstanners (fan WPB en SDS) is it sa goed ôfrûn. We hope Floris gau wer by it fuotbaljen te sjen.

We binne der ek tige mei ynnommen dat der wer in foarsitter foar it jeugdbestjoer beneamd is.

Rudy Dijkstra hat dizze funksje oannommen.

Dan it fuotbal self. It seizoen is al wer aardich op gong en we meie de earste moannen net klaaie oer it waar. Dat wie better as de yndieling fan sommige teams.

Inkele jeugdteams sitte yn kompetysjes wêr't 16-0 of 17-0 spiele wurdt.

Dat is foar sawol de winners, mar foaral ek foar de ferliezers, net leuk. Hopelik giet it der nei de winterstop

wat spannender om en ta, as der in nije yndieling komt.

Ek de froulju ferlieze noch al ris mei dûbele sifers, mar it plezier is der net minder om. Hjir is it wat dreger om in oare yndieling foar elkoar te krijen, dus goed oefenje!

It 1^e is yndield yn in kompetysje wêr 't 7 teams fan bûten de provinsje yn sitte. Dat is wol moai, dan kom je ek wer ris by in oare klup, mar it is wol fjirder reizgjen.

5x dit seizoen rydt der dêrom in bus. 2x ha we al me de bus fuort west en de folgjende kearen binne: sneon 25 oktober nei Hollandscheveld, sneon 14 maart 2009 nei LTC yn Assen en sneon 2 maaie 2009 nei Olympia 28 yn Hasselt. Supporters wurde fan herte útnoege om ek mei de bus te gean! Hjir sit fansels wol in kostenplaatsje oan.

Om safolle mooglik finansjele middels te finen, dogge we ek dit jier wer mei oan de Grote Club Actie. Dit smyt SDS dochs elk jier sa'n € 900 op. Ik wit dat der in protte wjerstân tsjin is, mar dit potsje kinne we wol brûke!! Prettelje dus net te bot en keapje gewoan 3 lotten!

Gr. Immie

www.vv-sds.nl

Utslaggen, programma's,
foto's en alle dagen nijs!

Oan it wurd.. Dick Schuurman



Dizze kear is
Dick
Schuurman,
de nije
trainer fan
SDS 1 oan it
wurd. Dat er
goed
fuotbalje koe
/ kin, dat

wisten de measten fan ús al, mar in
protte oare saken noch net. Wa is dizze
man, wat docht er en wêrom.

De persoan.

Wêr bist grut brocht / wennest no

Berne yn Frenstjer, mar wenje fanôf
myn twadde jier al op 'e Jouwer.

Fereale / houlik mei

Fereale en wenje al 7 jier tegearre mei
myn freondinne Wilma. We binne 3
oktober krekt heit en mem wurden fan
lytse Karst.

Hok foar wurk dochst?

Finansjeel beliedsmeiwurker by de
Gemeente Skarsterlân op 'e Jouwer.

Hobbys / passy neist it fuotbal

Hurdrinne, aaisykjen, Kolonisten fan
Catan spylje mei freonen en sport yn it
algemien folgje.

Muzyk / films / boeken?

Muzyk: Fan alles wat
Films: Sa no en dan
Boeken: Yn fakânsjes Ludlums

De fuotballer.

Wannear en wêr (klup / posysje(s)) bist begûn mei fuotbal?

Dat ha ik efkes opsocht: 4 Novimber
1978, ik wie doe noch 6 jier en makke

myn 'debút' yn it SC Joure tenu. We
spilen út tsjin De Blesse en wûnen mei
7-0. Ik wie eins noch wat te jong, mar
makke 6 doelpunten en mocht doe wol
by it team bliuwe.

Omskriuw dysels as fuotballer

Ik moa(s)t it foarnamelik fan myn
snelheid en myn linkerpoatsje ha. Mei
trije spitsen wie ik linksbûten en mei
twa spitsen wie ik ien fan 'e twa
spitsen. Fysyk wie ik net ien fan de
sterksten mar ik snapte wol hoe as it
spultsje spile wurde moast.

Hichte- djiptepunten

Lit ik mar begjinne mei de
djiptepunten, dan ha we die mar han:
teloarstelling wie toch wol dat ik fan 'e
beloften fan SC Hearrenfean werom
moast nei de amateurs. Fjirder de
degradaasje mei VV Snits út 'e
haadklasse. Foar earnstige blessures
bin ik lokkich genôch besparre bleaun.
Hichtepunt wie eins myn hiele
perioade yn de senioaren wol. Sawol
by SC en VV Hearrenfean, VV Snits
en De Jouwer ha ik altyd yn teams
spile mei in tige goeie sfear. As ik dan
toch wat neame moat: De lêste fiif jier
by De Jouwer wienen wol hyl
bysûnder. Fanút de twadde klasse
ynien kear troch nei de haadklasse en
tagelyk it winnen fan de Noardelike
Amateurbeker. Hjir troch ha we yn 'e
Amstelcup ek noch tsjin Cambuur (4-3
winst), Vitesse 2 (2-1 winst) en Grins
(2-3 ferlies) spile. In prachtige tiid.

Ploechgenoaten / tsjinstanners dy't dy by bliuwe en wêrom?

Yn myn Snits perioade Edwin
Huizinga en Piet Wiersma. Fan harren
ha ik de 'voetbalhumor' leart. Fjirder

ús lieder dêr: Bauke Batstra, in fantastyske man die alles foar de klup oer hie.

By De Jouwer: We hienen in hecht team, wienen 'ien'. Alles kloppe.

Bert Hollander slagge der tige goed yn om fan 20 fuotballers ien team te meitsjen. We spilen mei 75 % Jousters en noch in pear spilers fan bûten (o.a. Arnold Haanstra, no trener fan CAB en Henk Herder no assistent fan Sollied en Johan Abma, ex-Cambuur). Fierders wie it foar my ek wol wer bysûnder om foar t earst sûnt de B-junioren wer op 'e Jouwer te fuotbaljen. Koe moai op it fytske nei de kantine en spylje foar eigen publyk.

De trainer

Wannear krigest it yn de holle om sels trainer te wurden en wêrom?

Ik bin in echte teamsporter, fyn neist de sportiviteit de gesellichheid ek belangryk. Ik fyn it leuk om fan in team wat te meitsjen en dermei wat te beriken. Ik trainde altyd al jeugd ploechjes, sawol by Snits as by De Jouwer, mar die dat sûnder diploma's. Doe hearde ik fan de mooglikheid om by it CIO's yn ien kear TC 2 en 3 dwaan te kinnen. Dit ha ik doe dien. Omdat myn eigen aktive fuotbaljen yn it earste alvetal wat op syn ein rûn (faker blessures ensa) bin ik nei gean tinken oer it trainen fan in earste senioaren alvetal.

Ik soe stoppe mei fuotbaljen ek omdat wy twa moanne nei Australië ta soenen. Oan it ein fan it fuotbalseizoen '05-'06 die bliken dat Oeverzwaluwen noch in trainer socht. Lâns Bert Hollander binne doe de earste kontakten lein.

Fan hokker trainer(s) hasto sels in soad opstutsen?

Foaral fan Arend Bekhof (Snits), Henk de Jong (Snits) en Bert Hollander (De Jouwer).

Alle trije wienen tige rjochte op it belang fan 'e teamgeast en hienen goeie oefenstof.

Hoe soest dysels omskriuwe as trainer (liket dat noch bot op de fuotballer)?

Wol fanatyk, goed tariden, mar soms miskien wat te perfektionistisch. Net alles yn it fjild kin altyd goed gean... Soms fiel ik my noch wolris wat tefolle fuotballer yn stee fan trainer, wêrtroch ik wat tefolle 'tusken' de groep stean dan d'r 'boppe'.

Wat ferwachtest fan dyn spilers / staf?

100% ynset, enthousiasme yn it fjild, mar ek der bûten. Ik fyn dat je traine moatte om better te wurden en net om besich hâlden te wurden. Eltsenien moat ek kritysk nei himsels ta wêze en as d'r wat is, nei my of de staf takomme en der oer prate.

Komme dyn ervarings as trainer oer ien mei dyn ferwachtings foarôf (yn it algemien)?

Trainer wêze kostet wol mear tiid as ferwachte en ik moast tige wenne dat ik myn eigen enerzjy net kwyt koe ûnder in wedstriid. Derom gean ik no ek regelmjittich te draven en spylje ik noch yn it tredde team fan De Jouwer.

Wat binne dyn persoanlike ambysjes op it trainersmêd?

Út eltse groep probearje it maksimale te heljen. Foar my self haw ik op dit momint net daliks de ambysje op foar

oefenmaster 1 te gean. Mar oant de dei fan hjoed jou ik mei in soad nocht en wille trainings dus wa wit wat der noch yn 't fet sit...

SDS

Wat binne dyn earste yndrukken fan de klup

Moaie doarpsklup mei in grutte 'saamhorigheid'.

Wat fynst fan de seleksje?

In hiele jonge gretige groep. Wer soms noch wat erfaring yn ûntbrekt en wêrby de spilers yn myn eagen wol wat kritysker op elkoar wêze meie. Je hoege binnen de lijnen net altyd as 11 freonen te spyljen. Ik wol ek net graach wat kwyt oer de technyske staf. Ik bin hyl wiis mei de begeliedingsgroep sa as die er no stiet! Gert Jan is in echte klupman en hat in soad ferstân fan fútbal. René is in fantastyske lieder, die regelt echt alles foar de jonges (en foar my), hy soe allinnich ris wat faker efter de pc krûpe moatte. Us fersoarger Dooitze is ferskriklik serieuus yn syn fak en bringt ek in soad humor mei. Foarich seizoen hie ik fansels al kennismakke mei de altyd skerp flagjende Anne.

Wat binne dyn doelen mei SDS?

Dit jier meidwaan om in perioadetitel en yn it 'linkerrijsje' einigje. It leafst mei agressyf/dominant fútbal. De tsjinstander ús wize fan spyljen op lizze. Sa fier binne we no noch net.

Mar der stiet in moaie jonge groep die allinnich mar better wurde kin.

En dan dit noch

- Frouljusfuotbal (Ja / Nee) Ja
- Echt / keunstgers Echt
- Limonade / bier
Bier
- Blond / brún
Brún
- Andre Rieu / Ozzy Osbourne
Gjin fan beide
- Op in ûnbewenne eilân mei;
Rita Verdonk as Linda de Mol
Linda de Mol
SC Hearrenfean as Cambuur
SC Hearrenfean
- Kinst my wekker meitsje foar
...in bak Hertog iis

Wolst fjirder noch wat kwyt?

It moaie fan lytsere mienskippen die op in redelik nivo fuotbalje fynst faaks yn 'e belutsenheid wer werom. As ik sjoch hoefolle minsken der de hiele wike foar SDS yn 't spier binne tink ik dat it in hiele gesûne ferieniging is. As lêste wol ik myn komplimenten útsprekke oan de wepmasters en de redaksje fan de Treffer. Hjir kinne in soad klups noch in foarbiel oan nimme!

Ik winskje jimme allegearre in sportyf en gesûn seizoen ta. As der ien is die noch mear fan my witte wol kin die my altyd efkes oansprekke.

(SvB)

SDS League: Stân wike 2 earste helte 2008-2009

Stand	Vorige stand	Naam team:	Coach:	Woonplaats:	Week 1	Week 2	Totaal	Prijzen
1	1	Hallo Venray	L.H.	Wommels	67	67	134	€ 25,00
2	6	Gert-Jan Hiemstra	G.J.H.	Easterein	56	63	119	€ -
3	7	Mark Postma	M.P.	Wommels	55	62	117	€ -
4	5	Vakkie 13	E.&J.K.H.	Wommels	56	59	115	€ -
5	13	Robert Hoekstra	R.H.	Easterein	51	63	114	€ -
6	2	Dianna's Choice	T.d.J.	Lollum	61	51	112	€ -
7	4	Altyd boppe oan	D.N.	Stiens	58	53	111	€ -
8	19	Staal United	R.S.	Wommels	48	63	111	€ -
9	31	Tom Pieter and the Heartbreakers	T. en P.W.	Wommels	46	64	110	€ -
10	3	Achter de Feijten aan	A.F.	Easterein	60	49	109	€ -
11	9	Hey Ho Let's Go	W.W.	Wommels	54	54	108	€ -
12	17	Op naar de top	M.F.	Easterein	49	59	108	€ -
13	33	Tsjeard	T.H.	Leeuwarden	45	63	108	€ -
14	15	FdH	F.d.H.	Easterein	49	58	107	€ -
15	8	He wattuuh!!	R.en F.B.	Wommels	55	51	106	€ -
16	11	Banzai	A.P.	Wommels	52	52	104	€ -
17	21	Naamloos!	H.P.	Wommels	47	57	104	€ -
18	42	FC Sjaak Afhaak	S.W.	Wommels	43	61	104	€ -
19	27	Durk Okkema	D.O.	Easterein	46	57	103	€ -
20	18	Postmeister	J.P.	Wommels	48	54	102	€ -
21	24	FC Trochpakke	P.R.	Wommels	47	55	102	€ -
22	44	FC De Mannekes	H.A.D.	Easterein	42	60	102	€ -
23	46	Snipes	W.H.	Wommels	42	60	102	€ -
24	20	Tsjippendails	T.K.O.	Easterein	48	53	101	€ -
25	25	P. van P.	P.L.vdV.	Wommels	47	54	101	€ -
26	28	FC Grasmatt	E.d.B.	Easterein	46	55	101	€ -
27	34	Miss. Mata Harie	A.P.	Wommels	44	57	101	€ -
28	26	Grensgeval	A.B.	Wommels	46	53	99	€ -
29	29	De Blauwe Bloedworsten	H.E.	Wommels	46	53	99	€ -
30	37	GVR	F.B.	Eastertlittens	43	56	99	€ -
31	41	MJS Mantgum	S.A.	Mantgum	43	55	98	€ -
32	10	Met vallen en opstaan	D.d.J.	Easterein	53	44	97	€ -
33	22	De Fla(fli)ppers	H.F.	Hidaard	47	50	97	€ -
34	38	Jelsmanian Devils	J.S.J.	Easterein	43	54	97	€ -
35	49	The Gunners	D.Y.S.	Easterein	40	57	97	€ -
36	16	November Rain	G.A.T.	Easterein	49	47	96	€ -
37	36	De Molshopen	B.F.	Wommels	43	53	96	€ -
38	39	T4T nu ook in Dixons	J.D.	Wommels	43	52	95	€ -
39	55	Super Solo de Boer	E.d.B.	Easterein	38	56	94	€ -
40	12	B.A.S.	B.v.d.W.	Easterein	51	42	93	€ -
41	56	Ozzy	H.E.	Spannum	37	56	93	€ -
42	30	De Rufftangers	R.W.	Wommels	46	46	92	€ -
43	64	Foarhinne Ponghâlder FC	P.W.	Wommels	36	56	92	€ -
44	75	Bundy	S.v.B.	Ljouwert	31	61	92	€ -
45	23	SCC(asper)	JdJ	Easterein	47	44	91	€ -
46	45	It 4 euroteam	S.d.S.	Skrok	42	49	91	€ -
47	63	FC Ghoochannehjad	P.K.	Easterein	36	55	91	€ -
48	52	Team Toering	J.T.	Ljouwert	39	51	90	€ -
49	65	Molmawei	A.R.	Rien	35	55	90	€ -
50	68	Team Pussy	T.S.	Dronrijp	34	55	89	€ -
51	47	Anne Steen nu echt op nr. 1	A.S.	Wommels	41	47	88	€ -
52	32	De Gesmeerde Bliksem	I.d.B.	Velp	32	55	87	€ -
53	35	Flyers	T.d.B.	Easterein	44	42	86	€ -
54	51	Eastender Nightmares	S.T.W.	Easterein	40	46	86	€ -
55	43	Scheenbeschermers om	D.S.	Joure	42	43	85	€ -
56	50	Jodan Boys	J.B.	Wommels	40	45	85	€ -
57	70	Altyd nei foaren	H.R.	Wommels	33	52	85	€ -
58	61	Atletico Easterein	F.R.	Easterein	36	48	84	€ -
59	66	Novembers Doom	F.B.	Wommels	35	49	84	€ -

60	69	Hendrik de Jong	H.d.J.	Wommels	33	51	84	€ -
61	67	Super Friezen	G.P.	Wommels	34	49	83	€ -
62	72	FC Solo	S.d.H.	Wommels	33	50	83	€ -
63	73	Mathor	T.R.&M.R.	Wommels	33	50	83	€ -
64	53	Fyn sân	J.v.A.	Easterein	39	43	82	€ -
65	58	Bosk United	I.D.	Wommels	37	45	82	€ -
66	40	The Butchers	L.B.	Easterein	43	38	81	€ -
67	71	Camataru	R.Z.	Easterein	33	48	81	€ -
68	54	Klussen is mijn leven	A.F.d.B.	Wommels	38	41	79	€ -
69	74	De Grasvreters	P.S.	Wommels	32	47	79	€ -
70	60	Easpanne	M.B.	Easterein	37	40	77	€ -
71	48	Hoe fier komt Pier?	P.F.	Easterein	41	34	75	€ -
72	62	Oebele's alve	O.A.	Mantgum	36	39	75	€ -
73	77	Super 11tal	A.M.H.	Wommels	29	44	73	€ -
74	59	Hertha BSCees	K.A.	Berlyn	37	35	72	€ -
75	14	Christian	C.H.	Easterein	39	32	71	€ -
76	76	Happy Feet 2	H.d.H.	Wommels	30	37	67	€ -
77	57	SC Hinnaard	I.K.	Hennaard	37	25	62	€ -
78	78	Cambuur	H.B.	Easterein	28	31	59	€ -
79	79	30Plusteam	A.H.	Wommels	21	34	55	€ -
80	80	"Sa Sawat"	K.P.	Easterein	16	14	30	€ -

Wy hawwe wer in bult nuvere teams binnenkrigen foar de SDS League. Dizze spande de kroan:

“Altiten yn Vorm”(UTR)

It leafst soe ik Oleguer(AJA) de spilers opstelle. Dizze Fauw-t(ROD) sil ik mar net meitsje, mar ik wit fan Toet-en(SPA) noch blazen fan fuotbal en ik wol net foar Schut(UTR) stean.

Sa haw ik yn elts gefal al in keeper en 4 Fer-dedigers(FEY) en haw ik it neffens my efteryn aardich ticht Quasten(HER) ûndanks dat goeie ferdedigers Schaars(AZ) binne. Mei Berg(GRO) yn de spits ferwachtsje ik in soad punten te pakken en myn sinten net te fer-Quansah-ljen(HER). Mocht dit al sa wêze dan fertjinje ik miskien yn elts gefal in Pluim(VIT).....

Fansels is dit team lyk diskwalifisearde om 't der 2 spilers fan Utrecht en 2 fan Heracles yn steane.

Lolke Hofstra is de grutte winner yn de earste 2 wiken. Hy stiet stief boppe-oan mei 134 punten. Dit binne der mar leafst 15 punten mear as nûmer 2 Gert-Jan Hiemstra. Dêrnêst pakte Lolke en noch 2 keer de wykpriis.

Sjoch foar de nijste stân op www.vv-sds.nl!

(WW)



Yn de kunde komme mei... Arnoud Koster



Foar de measte minsken wie der dit jier in nije namme te ûntdekke n yn de A-seleksje fan SDS.

It giet om

Arnoud Koster út Toppenhúzen. Dizze 21-jierrige studint op de Hanze-hogeschool (ALO) yn Grins kaam oer fan ONS út Snits.

Syn mem (Anneke Klijnstra) is berne yn Reahûs, syn omke (Harm-Jan Klijnstra) hat fuotbalt by SDS en syn pake (Jan Klijnstra) is in grut supporter fan SDS.

Koartom genôch redenen om ris mei him yn de kunde te kommen.

Op 31 maaie fan dit jier waard der op de SDS-side melding makke fan dyn transfer. Hoe is dyn komst tot stân kaam?

Ik siet tsjin ONS 1 oan en wie altyd ien fan de talinten fan de klup. Mar doe (2 jier lyn) kaam der in nije trainer (Fred de Boer) dy't ek oare spilers fan bûtenút meinaam. Dit gie ten koste fan de eigen jeugd en dat betekene automatysk ek dat myn kânsen slonken om yn it 1e te kommen.

Doe begong ik wat om my hinne te sjen, nei oare klups. Ik woe net op snein fuotbalje en doe kaam ik út by klups as Nijlân en SDS. Fia myn freondinne kaam ik yn kontakt mei Hendrik de Jong. Syn freondinne is de sus fan dy fan my. Hendrik dy joech in

seintsje oan SDS wêrnei de klup kontakt mei my opnaam hat. Nei in pear kear telefoanysk kontakt han te hawwen ha ik in gesprek han mei de nije trainer, Dick Schuurmans, en de foarsitter. Dat gesprek joech my in erch goed gefoel wêrnei ik der eins wol út wie.

Wat joech de trochslach tusken Nijlân en SDS? Want ek Nijlân hat kontakt mei dy opnaam.

Nijlân is in ploech dy't nij in de twadde klasse is. SDS spile al wat langer yn dizze klasse. De kans om foar it kampioenskip te fuotbaljen is by SDS grutter as by Nijlân fûn ik. Ik hie gewoan it gefoel dat it nivo hjir wat heger wie en dat dat better foar myn ûntwikkeling wêze soe. Derom is de kar op SDS fallen.

Fuotballest no alwer hast trije moanne by SDS. Wat binne dyn yndrukken?

Ik merke hiel snel dat it in hiel hechte groep is wer ik yn telâne kaam bin. Foar elkoar en mei elkoar der wat fan meitsje, dat libbet hjir hiel erch. Fansels wie it ek allegearre nij foar my en wurd hjir in bytsje oars fuotbalt as wat ik went wie by ONS en it Hearrefean, der lei it accent hiel bot op technyk en positioneel goed stean. Hjir is it wat mear fysyk en is in goede mentaliteit hiel wichtich.

Wer bist dyn karriêre begûn?

Ik bin begûn by de pleatselike TOP '63. Fanôf myn tredde fuotballe ik der al yn de seal. Doe't ik in jier as 5 wie begong ik op it fjild te fuotbaljen. Al mei al wie ik der betiid by.

Nei myn twadde jier yn de E-pupillen, wer ik hiel faak skoarde, bin ik skouten troch SC Hearrefean. Doe mocht ik in heal jier nei de fuotbalskoalle fan SC Hearrefean. Dat wie 1 kear per wike traine en dan waard der besjoen of ik goed genôch wie. Blykber wie dat it gefal en ha ik 4 jier, oant en mei de C-pupillen, by SC Hearrefean sitten. Dat wie in tiid fan 4 kear yn de wike traine en ien wedstriid yn it wykein.

Mar doe kaamdest by ONS terjochte.

Ja. Op in gegeven momint kaam ik by SC Hearrefean op de bank te sitten. Jonges út oare lannen en út oare streken fan it lân spilen. Oan it ein fan myn leste jier ha ik in evaluaasje- gesprek han en waard my meidielt dat it better wie om wat oars te sykjen. Sa kaam ik by ONS terjochte wer ik sa'n 6 oant 7 jier fuotballe ha.

Bist fan it stêdsklup nei in echte doarpsklup gongen. Wat is it grutste ferskil tusken ONS en SDS?

Tidens de wedstriden by ONS wie eltsenien altiten hiel erch dwaande mei himsels om mar yn it earste te kommen. Dertroch wie eltsenien hiel erch rjochten op de eigen prestaasje. Dat is no oars, fansels ek omdat ik hjir wol yn it earste team spylje. Neist dat is it fuotbal yn Easterein iets oars as by ONS, wer ik it krekt ek oer hie. Der waard mear oandacht besteed oan technyk, hjir is it fysike aspekt mear oanwêzich.

Hoe fûndest it om as nije man oan

de slach te gean by dizze doarpsklup?

Ik moast fansels yn it begjin wol in plakje fine binnen de groep. Ik probearre dan ek, foaral yn it begjin, in soad kontakt te meitsjen mei oare minsken. Ek koe ik al wat jonges lykas Erik Haitsma en Redmer Strikwerda dy't ek yn de A-seleksje sitte. Mar al mei al is it my erch meifallen en ik ha no wol it gefoel dat ik akseptearre en wurdeard wurd. Dy wurdearring wie by ONS wol oars en der wie soms de motivaasje ek neffens.

Wat is dyn favorite posysje?

Myn favorite posysje is op 'tsien', efter de spitsen. Yn de jeugd ha ik altyd oeral fuotballe. Foaral ek by it Fean, der waardst altyd oeral delsetten. Allinnich al en rêchnûmer 10 fyn ik al fantastysk.

Hoe omskriuwst dysels as spiler? Op welke fuotballer likest it measte?

Ik tink dat ik technysk begaafd bin, ha in goed ynsicht en ha in goede pass yn de fuotten. Myn mentaliteit is soms miskien wat minder. It kopke giet soms nei ûnder, eins altiten omdat ik dat teloarsteld bin yn mysels. Ek kin ik hiel min tsjin myn ferlies.

At ik mysels mei fergelykje mei in fuotballer dan miskien wol mei Robin van Persie. Hat ek in goede technyk, pass en ynsicht. Lit ek wol blike at hy it ergens net mei iens is en is somtiden ek wol in tikje arrogant. Der mei ik wol oer.

Wat hopenst hjir by SDS foar dysels te berikken?

Ik hoopje op in moai jier by de klup, op fuotbal- en sosjaalgebied. Ik hoopje



my fierder te ûntwikkelfjen as fuotballer, wol sterker en konstanter wurde. Derneist ha ik ek seker ambities om nochris hegerop te sjen. Dan ha ik oer om yn de haadklasse terjochte te kommen.

Wat binne dyn ferwachtingen fan dit seizoen by SDS?

At je reël sjogge soenen we by de earste 4 einigje kinne, dat soe helber wêze moatte mei dizze groep. Fansels hoopje je ek mei te dwaan om it kampioenskip en wa wit wat der mooglik is dit seizoen.

Sit it fuotbal dy yn de genen?

Ja tink it wol, al sit it net yn de famylje. Mar ik fuotbal al fanôf myn tredde en bin altiten mei in bal dwaande west. Ik hearde fan myn âlders dat Igor Korneev altyd in bal by him hie, sels op de WC. Sa slim wie it by my eins ek. Wie der gewoan altyd mei dwaande en fuotballe ek altyd mei myn broerke op stjitte yn Toppenhúzen.

Wat binne dyn passy's neist it fuotbal?

Ik bin foaral drok mei myn wurk. Sa wurkje ik sûnt in heal jier yn de Walrus yn Snits en wurkje ik alwer in pear jier yn de Alcatraz, in diskoteek yn Snits. Derneist mei ik fansels ek graach in soad tiid trochbringe mei myn freondinne Sietske Hendriks. Derneist binne ek myn freonen hiel

wichtich foar my.

Opfallend is wol datst gjin rydbewiis hast. Hoe komst hjir dan fanút Toppenhúzen?

Ja, dat klinkt miskien wol wat frjemd. Mar ik ryd altyd mei de Dick Schuurmans mei dy't fan de Jouwer komt. Dat kaam ek tidens it gesprek yn maaie nei foaren. Dat wie sadwaande in moaie oplossing foar my. Ik ha echter al 15 lessen han, mar tidens de fakânsje is it der in bytsje by bleaun. Ik bin wol fan plan om dat binnenkoart wer op te pakken.

Lêste fraach; noch net salang lyn is dyn sus Miss Fryslân wurden. Hoe fielde dat?

In jier lyn is sy yn Alkmaar Miss-Fryslân wurden. Der bin ik helaas net bywest. By de Miss-Nederlân ferkiezing wie ik wol yn Almere en seach ik har 4e wurden. Fansels bin ik wol tige grutsk op har dat se dat berikt hat.

Sa kaam der in ein oan ús dochs wol lange petear en binne we hiel wat te witten kaam fan him. Fansels winskje wy him allegearre hiel soad sukses ta by SDS.
(DYS)

Coach-jassen

Vanaf heden zijn er weer coachjassen(alleen maat XL) beschikbaar voor leiders en trainers.

Voor meer informatie: W. Twijnstra, De Ljits 1, 8734 HL Easterein, telefoon 0515-332570, e-mail:w.twijnstra@home.nl.

Noppen en naaldhakken

oer froulju, fuotbal en oare belangrike saken



Yn dizze nije rubryk, krijt Annette Kooistra it wurd. In echte “fuotbalfrou”. Net allinne hat se sels fuotballe en is se trainer west fan de jeugd, ek hat Annette trije fuotbaljende soannen. Se is faaks op sneon op it fjild te finen, want der moat altyd wol ien thúsbalje. In petear mei in frou mei in útsprutsen miening en net allinne oer it fuotbal. Ek dêrom mei sy it spits ôfbite.....

Annette, litte wy mar by it begjin begjinne. Do bist in Okkema, fertel ris even, hoe gong dat eartiids by jimme thús om ‘e tafel? In soad fuotbalpraat seker?

Och, dat foel wol ta hear. Wol siet de hiele famylje sneitejûns foar de buis foar Studio Sport. Wy binne mei syn njoggenen as bern, wêrfan twa net fuotbalden. Troch myn sus Bettie bin ik sels op fuotbal gongen. Bettie wie lêste “man”, sy wie echt goed hear! Ik mocht der einliks net by, want ik wie noch mar 12. Mar bin doe dochs lid wurden en ha fan myn 12e oant myn 18e fuotballe. In machtige tiid! (Ik krij in rits fan anekdoates te hearren oer bygelyks it riden mei Jetske fan Beem yn in âld DAF en oare smoute ferhalen..)

Do bist in frou mei in goed technysk ynsicht, fyn ik. Do hast “kijk” op it spultsje .Do wist wêrst it oer hast ast oer fuotbal praatst. Wat fynst sels?

Fynst dat? Och, dat kin ik moeilik fan mysels sizze, mar hast wol wat gelyk. Te begjinnen sit ik sowieso fol fan it spultsje. Sjoch, dêr begjint it mei. Yn ‘e rin fan de jierren is dat allinne mar erger wurden! Myn entoesjastme foar it fuotbal mei ik ek graach oerbringe op ‘e jeugd, mar mis soms wolris wat de passie en gedrevenheid fan de jeugd.

Haha, ik wit wêrst nei ta wolst... Do bedoelst seker de lêste jierren doesto, tegearre mei my, de F-kes en letter ek de E-s traindest?

No ja, sis no sels, de lêste jierren fielde ik my dochs mear oppas dan fuotbaltrainer! De bern waarden mei de auto brocht, mem (of heit) gong om boadskip of oars wat, en hellen de bern nei ôfrin wer op. It wienen net allinne mar de echte leafhawwers dy’t wy op trainen hienen. Sommigen moasten tink ik fan harren âlden ergens by, mar dat hie ek wol op gymnastyk wêze kind! Nee, dêr moast my net fan prate!

Do hast ek in skoftke lieder en trainer west fan de famkes. Hoe gong dat dan?

Dêr ha't my wat op fersjoen, at ik earlik bin. Ik tocht ek hjirby allegear froulju op 'e training te sjen, dy't fan it fuotbal hâlde, der fol fan sitte, krekt as ik sels. Mar yn 'e praktyk blykt dat in inkeling yndie in echte leafhawwer blykt te wêzen, dy't noch in nussie freondinnen meinimt. Gesellich no? Sjoch, hjir is neat mis mei, mar at ik training jou, dan moat der traint wurde en dan binne oare saken fan ûndergeskikt belang.

Likest wol in fint!

Haha, hast miskien wol gelyk! At ik de dames soms hear en sjoch, dan leauw ik dat ik noait in famke west bin.... Wy kamen mei in spikerjaske, klompen en in peuk oan nei it fjild... ***En net op hakken dus?*** NEEEE!!!

Wat is der noch mear feroare yn de rin fan de jierren?

Ik fyn it no wol hiel bot prestaasje-gericht. It gemoedlike en it mei mekoar is der wat fan ôf. Der leit no mear druk, alles is rjochte op winne. En natuerlik wol eltsenien winne, mar je sil it as team dwaan moatte. Ek de wat minder getalenteerde fuotballers hoege wat my betrefte net altyd op 'e bank te sitten. It is hjir gjin betelle fuotbal no? Ús jonges fan SDS *móatte* betelje! Sitte se de helt fan tiden op 'e bank, kin de kontribúsje ek wol troch de helt... Om noch mar in "quote" fan Annette te brûken: Hast de "minnen" ek noadich, oars hast te min!

En sa eindicht it petear mei in echte fuotbalfrou. Ik leau dat ik neat te folle sein ha.....
(AS)



SDS-famkes en -froulju

SDS komt dit seizoen mei 2 frouljusteams út yn de kompetysje. Dit is prachtich fansels. De seleksje fan de famkes is allinnich noch wol wat oan de krappe kant.

Bin der noch famkes dy 't ek fuotbalje wolle dan kinne sy it best efkes kontakt opnimme mei

Anke van Asselt

Terp 6

8731 AZ Wommels

0515-333672

Ljocht op in sponsor: FAKWURK

Sûnt in pear moanne hawwe wy in nije haadsponser foar ús webside. Wy binne der tige wiis mei dat Jan-Rinse Blanksma mei syn bedriuw FAKWURK dit op him naam hat. No freegje wy ús of wat dit bedriuw ús eins te bieden hat. Wy ynformere by Jan-Rinse sels.

Of is der in sekretaresse dy 't foar dy de fragen beantwurdsje kin?

Anke is te lyts, Silvia wol it wol, mar dan moat ik ek sekretaresse foar har bedriuw wurde en der hat fierder noch net ien him of har spontaan oanbean.

Kinst ús wat oer dyn bedriuw fertelle?

Ik haw in bedriuw dat him rjochte op it jaan fan advys en trainingen op it mêd fan feiligens, arbo, kwaliteit en miljeu.

Ik haw dyn webside al in pear kear besjoen, mar it liket my nogal yngewikkeld wêrsto dy mei dwaande hâldst. Is dat ek sa?

Nee hear. Op it mêd fan feiligens moatst tinke oan it ûndersykjen fan wurkplakken fan bedriuwen foar de feiligens en it wolwêzen fan de meiwurkers, faak foaral foar minsken dy't bûten wurkje. Ik haw sels by in boubedriuw wurke. Der hat doe wurke mei in kettingseach, boppe syn macht en sûnder de goeie persoanlike beskermingsmiddelen. Dat is goed ôfrûn doe't er út skeat, mar it hie net nedich west dat it barde. Ik jou advys oer it sa feilich mooglik wurkjen, mar dan wol sa dat it ek noch leuk is.

By arbo moatst tinke oan arbobeliedsplannen. Bygelyks hat it bedriuw goed op papier hoe't se harren meiwurkers sa sûn mooglik wurkje litte kinne. Wurktiden binne dan belangryk, mar ek wurkdruk en de ynrjochting fan de wurkplakken.

Kwaliteit. No kin ik my hast yntinke dat jimme it efkes kwyt binne. Mar ik gean noch mar efkes troch. Kwaliteit is meastal itselde as ISO-9001. En dat stiet op in soad buskes dy't jimme op de sneldyk ynhelje. It is in sertifikaat dat bewiist dat de organisaasje in bepaalde kwaliteit sjen litte kin foar harren produkt troch ûnder oare harren wurkwiize. Kwaliteit is ek de kwaliteit fan de organisaasje, kinst it ek sjen oan de meiwurkers. Dus it giet ek oer goeie funksjonearringsgesprekken en sa. No ja, in hiele soad. En dan binne der ek noch oare sertifikaten mei oare nammen: VCA, HKZ, OHSAS, ensfh. Mar it komt úteinlik allegearre op it selde del. Sa goed en feilich mooglik it wurk dwaan.

Bedriuwen hawwe in soard ôffal. Us ôfdieling miljeu makket bygelyks ôffalbehearsplannen, sadat it net al te folle jild kostet om dat ôffal kwyt te reitsjen. It



safolle mooglike skieden en werom bringen fan ôffal binne de dingen wêr't dan oan tinke kinst. ISO-14001 is it sertifikaat dat by miljeu heart. Dan giet it ek oer enerzjy en miljeuaspekten en –effekten. Dat heart yndied wol lestich, mar dat stiet wol dúdlik útlein op myn website. De echte die-hards, dy't dit no noch hieltyd oan it lezen binne, kinne dêr wol efkes op sjen.

Kinne wy as SDS'ers ek noch wat oan dyn kursussen hawwe?

Jasekers. Alle bedriuwen dy't VCA of ISO –sertifisearre binne, moatte oan in oantal easken foldwaan. Ien dêrfan is dat alle meiwurkers in kursus folgje moatten hawwe oer feiligens. En dy kursus kin no ek gewoan tichtby jûn wurde of sels binnen it eigen bedriuw. En gewoan troch in lekker nuchtere Fries.....

Wat is dyn doel as sponser fan de SDS-side?

Ik wurkje in soad bûten Fryslân en it liket my moai om ek tichter by hûs dingen te dwaan. Dus dan is it goed as Fakwurk hjir yn de regio wat mear bekendheid krijt. En hoe kin dat no moaier as fia de SDS site?

Hasto spesjaal foar de SDS-side keazen of hiesto ek sa haadsponser fan in oare side wurde kinnen?

Sa't ik al sei, is der in better plak dan? En boppedat, ik haw ek in soad mei fuotbal. In pear jier ferlyn wie ik flagger by A2 en no bin ik lieder by B1. Geweldich, mei de jonges op stap!

Hasto oars noch iets te melden?

No, ik haw wol efkes twifele oer it sponsorskip. De iene webmaster (dy sûnder burd) lit him noch wol ris negatyf út oer Feyenoord. En dat leit noch al wat gevoelich by my..... Mar omdat de oare webmaster hiel pro-Feyenoord is, haw ik dochs besletten om dit te dwaan.



Ledegearkomst vv SDS

Fuotbalferiening SDS

Freed 14 novimber 2008

jûns om acht oere yn 'e kantine op sportpark de Skoalleseize

Wurklist

1. Iepening
2. Fêststellen fan de wurklist
3. Meidielings en/of reaksjes op notulen en jierferslach
4. Ferslach sponser kommisje
5. Ferslach fan de jongerein kommisje
6. Ferslach fan de TC
7. Jierferslach fan de ponghâlder en fêststellen fan de begutting
8. Ferslach kaskommisje en ferkiezing nij kommisje lid
9. Fêststellen kontribúsje
10. Bestjoersferkiezing:
 ôftredend en noch wer foar in jier bytekene: Willem Twijnstra
 ôftredend en opnij te beneamen: Enne Joh. Bruinsma
11. Rûnfraach
12. SKOFT
13. Ferhalen en anekdotes út it ferline fan Lody Roembiak.
14. Slúting

**** It ferslach fan de foarige ledefergadering en it jierferslach kinne jim opfreegje by immiekamstra@planet.nl**

Oant sjen op freed 14 novimber oanstearde!!!

It bestjoer

Frijwilligers socht foar it Draaiend Rêd

Sa 't jim witte wurdt der nei eltse thúswedstryd fan SDS 1 oan it draaiend rêd draaid wêr 't aardige pryskes mei te winnen binne. No is SDS noch altiten op syk nei frijwilligers dy 't dit graach op harren nimme wolle. Hawwe jim ynteresse om dit in kear te dwaan mail dan nei info@vv-sds.nl of nim kontakt op mei ien fan it bestjoer!

SDS 5 op Skylge

Wat wiene wij moai fuort !

SDS 5 hat alle jierren in echt trainingskamp. Dat is foaral bedoeld foar de liederen om te sjen mei wat fan groep se te meitsjen hawwe. Hoe sit it mei de dissipline, hoe sit it mei it ploechgefoel, wat kinne se ynkasearje, hoe reagearje se op elkoar, hoefolle kinne se op, hoe geane se mei it materiaal om, snurkje se nacht ek, hoe steane se der kondisjoneel foar en passe se wat byelkoar.

SDS 5 hat twa liederen: Eddy de Boer en Stoffel Bouma. Sij wiene in goeie ôfspegeling fan de ploech. De helt wie der net. Eddy stie der fuotbaltaktysk hielendal allinne foar mar hie foar de organisaasje Jacob Plantinga oan syn rjochterhân en dat is in echte Skylge kenner.



Te let

9 oere fuort. Dat wie de earste opdracht. Dat slagge yn Wommels wol yn Easterein net. Wylst de Wommelsers en de Lollumer al yn de haven stiene, sochten de Eastereinders noch nei Ype. Dy waard yn sân hasten noch troch Elly brocht. Sûnder sliepsek mar dat wie net slim want de ferwachting wie dat de nacht net hiel lang wêze soe.

Op de boat

De boat wie noch mar krekt fan wâl of de kaarten kamen al op tafel. It gemis fan Stoffel waard op de boat opfongen troch heit en mem Bouma út Hartwert. Sij sieten op de boat. It neidwaan fan it Stoffel lachje die harren gelyk opsjen.

Yn de haven

De seleksje wie fansels tige ferrast dat se troch in ûntfangst komitee opfongen waarden. Klaas Overal en Christiaan Hoekstra wiene fan Midslân ôf kommen op de fyts en woene graach mei de ploech werom fytse nei it fjild op Midslân. Sneu foar harren dat de Eddy en Jacob, oars fanatike fytsers, no besletten hiene dat wij mei taksis nei it plak fan bestimming brocht wurde soene. It wie ommers ek wol 7 kilometer.

It toernooi

7 feteranen ploegen diene der mei oan dit toernooi. It toernooi wie 12 oere úteinsetten en doe't wij om 5 minuten foar healwei ienen oankamen hiene wij noch krekt 5 minuten de tiid om ús klear te meitsjen foar ús earste wedstriid.

In wedstriid op keunstgers tsjin Heerenveen. Foar de measten in nije erfaring en seker foar Klaas Kamstra. Hij dûkte al in kear hiel fersichtich om te sjen hoe hurd it fielde. Klaas hold de 0. De spitsen meast ek .



De doelstelling

Lieder Eddy hie fan te foaren dúdlik sein dat wij foar it rjochter rijsje gean soene. Dat is nij, want normaal geane je altiten foar it linker rijsje. Wij mochten net ûnderoan einige. De 0-0 tsjin Heerenveen en Minnertsgea like in goeie basis foar de doelstelling. Tsjin Terschelling en Mulier gie it lykwols suver mis: Harm Auke skoarde yn beide wedstriden en Jappie skeat ek noch in kear rekke. Ynienen begong it spannend

te wurden. Tsjin it Fean waard ek wer gelyk spile en doe wie de lêste wedstriid beslissend.

Útgongspunt

It wie simpel. It Fean en Minnertsgea moasten tsjinelkoar en de kâns wie grut dat dat einige yn in lykspul. Dan hiene beide ploegen 12 punten en soe Minnertsgea kampioen wêze. Marop dat selde momint moast SDS tsjin Zwartemeer. Dy hiene noch net folle punten dus in oerwinning hiel normaal west. En mei in oerwinning fan 1-0 hiene wij gelyk einige mei Minnertsgea. Mei 2-0 hiene wij de winner west.

Wij krigen de lêste 3 minuten 5 geweldig grutte kânsen. Ien kâns giet de skiednis is as de grutste kâns ea fan in SDS-er dy't miste. Harm Auke joech de bal ôf oan Ype

Twa jier lyn wie SDS ek op dit toernooi. Sij krigen doe in strafskop en omdat dy mist waard, gie Minnertsgea ek doe mei de beker nei hûs. De nimmer fan dy miste strafskop wie..... Ype. De Minnertsgeasters hawwe tasein dat sij Ype der folgend dochs mar net bij ha wolle. Sij hawwe mear oan him at er bij in oare ploech meidocht

(welke hoege wij net út te lizzen) en dy miste jammerdearlik.

Nei ôfrin besocht hij it te ferklearjen mei redenen as: ik skrok sa dat Harm Auke de bal ôfjoech, dat docht er oars ek net en de bal wie te hurd.

Der wie gjin begryp foar dizze útlis en it wie ek mear as logysk dat wij ús heil sochten yn in bierke as wat. Lokkich hiene wij ús eigen CD mei, omdat tophits as De fles, Rode Rozen en Grootpapa oars net yn in kantine te hearen binne. Sels Klaas fan

16.00 uur	Mulier-Minnertsga	0	1	Riet
16.30 uur	SC Terschelling-Mulier	3	0	Riet
17.00 uur	't Fean 58-Minnertsga	0	0	Willeke

HEERENVEEN	ANANT	SC TERSCHELLING	SDS	MULIER	ZWARTEMEER	TOTAAL
Heerenveen	1	1	0	3	3	9
't Fean 58	3	1	3	3	1	12
Minnertsga	1	1	3	3	3	12
Mulier	0	0	0	0	0	0
SC Terschelling	3	1	0	0	3	7
Zwartemeer	0	3	0	0	1	5
SDS	1	1	3	3	1	10

Arum libbe hielendal op bij it hearen fan de fles.

Twa tassen

Neidat Klaas trije kear de nul holden hie, die Jappie in útspraak dy't him letter opbruts. "Ast de nul hjoed hâldst dan draach ik dyn tas dit wykein foar dij"

Wij seagen Jappie nei ôfrin dan ek earst mei ien hamstringblessure en twa tassen en letter mei twa hamstringblessures en twa tassen



Tas op tsjiltsjes.

De tas mei sjurtsjes moast nei ôfrin ek wer mei nei hûs. Dat is in hiel gesjou. Gelokkich hie Klaas Visser in tas op tsjiltsjes (je witte wol dan dy dingen dy't âlderen hawwe at se nei it bûtenlân geane) dus mocht hij Sieta ferrasse mei in tas fol Skylger swit.

Honger yn de hals

It wie in lekker barbekjû bij de kantine. Mar je witte hoe't soks giet. It binne mannen, se hawwe sin oan wat, se skeppe flink op en de lêsten hawwe it neisjen. Dus foardat wij op ien ear gean koene, moasten wij earst noch efkes nei it doarp foar in fette hap. Fette happe tinten wiene der net dus waard it wer in bierke. En sa kaam om klokslach 10 minuten foar 2 oere in ein oan de jûn. De measten waarden der figuerlik útfage, want oan de tiid hâlde kinne se dêr hiel goed.

En om goed 2.30 oere wiene it stil yn de bargestâl. No ja stil..... Der snurken in pear. En krekt dy sliepten as bargaen. Eddy de Boer die net in each ticht. Wierskynlik hie hij te min hân en koe hij net goed oer it Jacob snurkje.



Snein

Útsmiters, kofje, tostys, boardsjes sûn soargen der foar dat elkenien sneintemoarn wer fit plannen meitsje koe. De iene helte gie nei't hûs om 12.30 oere, de oare helte soe om 16.00 mei de boat. En dan sieten der noch twa wat tuskenyn. Dy woene om 12.30, dy gongen in bierke drinken mei de 16.00 oere ploech

en seagen dan ek om 12.31 de boat fuortfarren sûnder harren.

Harm Auke en Ype dy binne der no efter dat in boat wol op tiid is.



Wij sjogge op dizze foto's û.o. in Samme wer yn it SDS sjurt, in Jappie dy't tafelfuotballet, in Klaas dy't syn doel leech hold, mar syn blaas net, tefreden PSV fans, in Klaas fan Mulier dy't ek moai sjonge kin en de tagong ta it bokkehouk .
(Aant)

Sibe de Seefûgel



Skoallen ôfskaffe.

Ik haw dizze simmer murken dat wannear je sels neat sizze dat in oar it wol foar je ynfuld. It wie wat stil om mij hinne. En dan krije je de raarste geruchten. Sa miende iene Robert mij sjoen te hawwen yn Alcatraz, in beruchte finzenis yn de baai fan San Francisco. Ik wit net wêrom hij dêr wie en wêrom hij dizze simmer sa lang fuort wie, mar ik siet dêr net. Sa waard der ek grute dat ik wat oan it poatsje hie. Ek dat sit fier neist de wierheid. Ik kin oan alle poaten wol 5 krije mar bliuw leaver op mij sels. Ek wie ik net bij de olympyske Boarterij of bij it EK fuotbal. Ik siet gewoan op Skrok. Haw djip neitocht hoe't it fierder mei mij moat en at ik noch wol in wezenlike bydrage leverje kin oan de Treffer. Ik hie lêst fan in skriuwersblokkade en dy is ynienen wer oer. Dy wie samar oer doe't ik al dy ferhalen yn de krante lies oer de skoallen en it nivo fan rekkenjen en taal. Ynienen wist ik it en wol myn ideeën graach mei jim diele.

Om mar mei de doar yn hûs te fallen: Alle skoallen yn it SDS gebiet kinne wol ticht. Alle dingen dy't bern leare moatte kinne se wol bij SDS dwaan. SDS wurdt in multi-opliedingsynstituut. Want kloksjen dat hoege se net op skoalle te learen, want dat leare se troch op tiid te kommen, bij de training, de wedstriid en de tiid dat in wedstriid duorret: De iene 2 x 20, de oare 2 x 25 en de folgjende twa kear 45 minuten. Je leare net allinne de tiid mar ek rekkenje. Bygelyks: hoefolle is twa helten fan SDS 5 minus twa helten fan SDS F3. En hoefolle is it at je it skoft meirekkenje at je witte dat de feteranen

nei 20 minuten wer begjinne moatte en de F-kes nei 4 minuten al wer op it fjild steane. En de hegere groepen sille in antwurd op de fraach jaan moatte hoefolle prosint de SDS 1 spilers no diedwurklik kwyt binne oan de 2 kear 45 minuten fuotbalje yn relaasje ta de tiid dy't se der totaal oan bestede yn de wike. It giet net goed mei it rekkenûnderwiis, sa lêze wij oeral. Dat feroaret hurd at je bij SDS fuotbalje. Nim no de F-kes lêstendeis. It iene ploechje wint mei 15-0. Je leare sa op in sneontemoarn moai efkes tellen oant 15. En at dy lêste kâns der yn gien wie, dan hiene je 16 ek ûnder de knibbel hân.

It drege tellen sit yn de útslach bij 16-0 ferlieze. Want it is fansels folle dreger om de doelpunten fan dy ferfelende tsjinstanners te tellen. In oantal F-kes en Eetsjes fan SDS hawwe dat nei twa wedstriden al ûnder de knibbel haw ik wol sjoen oan de útslaggen.

De taal dy pikke je bij it fuotbal ek lekker mei. Trije talen tsjintwurdich sûnder dat er belied op stiet. It Frysk fan de âlderen, it Nederlânsk tsjintwurdich fan hast alle bern en it Ingelsk om dat it fuotbal no ien kear fol Ingelske termen sit. Alle bern meitsje nei ôfrin fan de wedstriid (gymnastyk) gewoan in ferslach fan de wedstriid (taal) en meitsje der in tekening bij (tekenje) en sette it sels op ynternet (kompjûterles). Bij útwedstriden sykje se út wêr't se lâns moatte (ierdryske kunde) en leare se wat oer it plak wêr't se hinne moatte (skiednis) Neffens mij hawwe de bern der mear oan at se witte werom Tsjom de heechste toer fan Fryslân hat as dat de slach bij Waterloo yn 1800 safolle wie.

De bern leare sosjale feardichheden, se meitsje de skuon alle dagen in bytsje

skjin (kreazens in 7) se dogge harren bêst (flyt in 8) en se toane dissipline (gedrach in 8). En de famkesdy kinne bij it hantwurkjen moai de sokken breidzje. En wat soene de bern dit moai fine. De hiele dei wat mei de bal dwaande wêze en noch genôch leare ek. En foar SDS ek noch in oar grut foardiel.. Der binne jûns gjin trainers mear nedich en dat sil de jeugdkommisje fan SDS oansprekke. En binne der bern dy't it fuotbal dochs net yn de macht hawwe, dan is der altyd noch

in mooglikheid om te kiezen foar de folleybalskoalle yn Reahûs of de Jan Hiemstrakeatsskoalle yn Frjentsjer.

Sa 't jim sjogge is myn stikje dizze kear wat langer as ien side. Dat kin. Doe't dy Aant der noch ien siet, mocht ik net langer as 1 side, mar dizze redaksje liket mij wat guodliker. Ik weagje it der mar op dus.
(SdS)

Persoanlik

Wij stelle jim graach foar oan	
Tryntsje Bouma	
• Namme	Tryntsje
• Berne	26 desimber 1990
• Wommels, Easterein as....	Easterein!!
• Oplieding	Ik sit no yn 6VWO op it Bogerman yn Snits.
• By SDS sûnt	2006, dat wie teminsten it earste jier dat wy trainen gongen.
• Team	SDS-DAJ
• Gjinn fuotbal, dan...	Yn'e sportskoalle yn Wommels te finen, ûnder oare spinning of mei mem mei nei steps. Swimme mei ik ek noch graach dwaan.
• Favorite klup Nederlân	SDS!
• Favorite klup bûtenlân	Uhh, Manchester United.

Beste trainer	Foppe.
Beste fuotballer yn Nederlân	Robin van Persie.
Beste fuotballer yn it bûtenlân	 Ronaldinho.
Favorite posysje	Lêste man (as moat ik sizze ‘frou’)
Sterkste punt	Komst net samar lâns my!
Swakste punt	Behalve as’t hiel erch snel bist ...
Moaiste stadion	No, ik kom net folle fjirder as it Abe Lenstra Stadion.
Jeugdidoal	Ach, idaal. Ik bin net echt ‘fan’ fan immen ofsa. Muzyk is goed fan Anouk oant Michael Bubl�.
Hichtepunt	Kwa fuotbaljen is it al in goeie prestaasje dat wy no al sa fier kommen binne tink ik, we ha sels in eigen famkesteam oprjochten en ik fyn dat we in hiel hecht team binne!
Djiptepunt	Einliks wolle wy no ek wolris in kear winne...
Beste eigenskip	Ik bin eins altyd bliid. Teminste, die ‘smile’ bliuwt der altyd!
Slechtste eigenskip	Ik kin muoilik nee sizze.
Boas om	Ik h�ld net sa fan r�zjes, tsjinstanders hoege ek net drekt begjinne te skellen wylst se amper oanrekke wurde.
Gelokkich fan	Gesellichheid en hiel soad lol ha.
St�d	Snits, lekker tichtby. Nei skoalle noch efkes snel de st�d yn ofsa. Mar yn Grins kinst ek wol leuk winkelje.
Opfallendste aktualiteit	Op it momint is dat wol it ferstoan fan Franck Voshol. Syn broerke sit by my yn de klasse, dus it bliuwt dy besich h�lden.
Tillevyzje	NET5 is myn favorite zender, d�r binne foaral de ‘vrouwenseries’ op.

• Beste film en akteur	In pear favoriten, sa as ‘She’s the man’ of ‘Het Schnitzelparadijs’ foaral romantyske komedies.
• Muzyk	Sa as ik al sei, fan alles.
• Iten	 Spagetty fan mem.
• Drinken	IJsthee.
• Favorite fakânsjebestimming	Kom net faak yn it bûtenlân, mar dat sprekt my toch wol mear oan dan dit kâlde landsje.
• Kampioen Eredivisie?	 SC Hearrenfean
• Van Basten of Van Marwijk?	Tsja wat makket my it út. Lit we hoopje dat Van Marwijk Nederlân fier bringt.
• Wurd NL wrâldkampioen yn 2010?	Uiteraard! We gean mar fan it beste út net?
• SC Cambuur?	Ach, wêrom net.
• Moaiste sjurt	Dy fan Hearrefean.
• Lelijkste sjurt	No lêst op tillefysje hie in team shirts en sokken oan, mei beide horizontale strepen, krekt sa’n boevepakje. (de namme wit ik net mear) Dy fan Nederlân fyn ik wat te strak sitten. Neffens my sitte se dan ek net sa lekker.
• Fuotbalskuon	Umbro.
• Moaiste man	Leonardo DiCaprio (as hy yn’e Titanic spilet)
• Measte bewûndering foar:	Ik soe it net witte.
• Wolst fierders noch wat kwyt?	Nee, tocht fan net. Jim witte no wol genôch oer my.

(DYS)

Ôfskie nimme fan Kasper Hoek



Kasper Hoek hat him dit seizoen ôfmelden as lid fan SDS. Hy hat ien jier by SDS keeper west en hat û.o. yn SDS 1, 2 en 3 kept. Wy wienen wol benijd hoe 't it mei him is.

Hoe is it my dy Kasper?

Het gaat goed met mij, ik ben op het moment heel druk met school en het voorbereiden van mijn stage op een havo/vmbo school in leeuwarden.

Keepsto op dit momint ek by in oare klup?

Op het moment ben ik weer terug bij Franeker, ik keep nu in het 5e, voor sds'ers die in het 3e spelen beter bekend als Franeker 2.

Hast it wat nei dyn sin hân by SDS?

Ik heb het heel erg leuk gehad bij sds, een hele leuke warme club, met een mooi complex en ik heb leuke team genoten gehad.

Wat wie dyn moaiste erfaring by SDS?

Mijn mooiste ervaring is denk ik wel de wedstrijd in Wieringerwerf tegen Wieringermeer, toen ik in het eerste keepen mocht en we die wedstrijd op miruculeuze wijze in de laatste paar minuten door 2 goals van Harm wonnen. En het keepen bij de

penaltybokaal was ook wel een heel leuk moment.

Wat wie dyn grutste teleurstelling by SDS?

Ik denk de uitschakeling in de na-competitie met SDS 1, door een scheidsrechter die compleet de weg kwijt was en ook dat het spelen bij sds en de combinatie met school niet echt lukte vooral het reizen was een groot probleem

Hast noch kontakt mei SDS'ers?

Ik zie zo nu en dan wel sds'ers op het station in leeuwarden en maak dan af en toe wel even een praatje, laatst heb ik nog een tijdje met Durk de Jong en met Tsjearð Halbesma gepraat. Bauke zie ik op school nog geregeld.

Wat fûnst moai by SDS?

Ik vond de kantine er geweldig uit zien, het werk dat gedaan werd door de vrijwilligers ook super, iedereen die wel wat voor je wil doen, je kon merken dat het een echt geheel was, allemaal heel anders dan bij Sc Franeker waar er toch meer een 2 deling is tussen het zaterdag voetbal en het zondag voetbal

Wat fûnst net goed by SDS?

Er is eigenlijk weinig dat niet goed geregeld is bij sds, het enige dat ik zo kan bedenken is dat de kwaliteit van de jeugd keepers niet echt hoog was, ik denk dat sds hier wel wat meer aandacht aan mag besteden, ook met het oog op de toekomst, Jaap en Marten kunnen gelukkig voor sds nog wel een tijdje mee, maar ook zij kunnen geblesseerd raken of het druk krijgen met andere dingen en dant is

het wel belangrijk dat er een goede opvolger is.

Wêrom bist by SDS fuortgien?

Zoals ik eerder ook al een beetje vertelde, ik ben bezig met een opleiding tot leraar economie, hierbij heb ik het niet alleen druk met leren, maar ook met stage lopen. Omdat Easterein toch wel verweg ligt van waar ik woon, kost het reizen de nodige tijd en dat is in combinatie school eigenlijk niet te doen daarom ben ik weg gegaan.

Wolsto ek noch wat kwy?

Ik hoop dat SDS dit jaar ook weer met een zaalvoetbalteam mee doet tijdens

het jaarlijkse kersttoernooi in Franeker, het is altijd leuk om dan weer bekenden te zien en misschien wel tegen ze te moeten voetballen.

Verder wens ik alle teams heel veel succes dit jaar en hoop ik dat ik volgend jaar in een nieuwe competitie weer een elftal van SDS tegen kom. Ook hoop ik dat het snel weer wat beter gaat met Floris het was best raar om dat zo op de website te lezen.

(WW)

Wy Hyve mei.....

In nij foatbalseizoen betsjut ek in nij seizoen foar de Treffer. Tiid foar innovaasje!! Yn dizze nije rubriek 'Wy hyve mei' dûke wy yn de persoanlike gegevens fan SDS-hyvers. Foar de âlderein dy 't net wit wat Hyves is, hjir in lytse omskriuwing.

Hy is eins net mear wei te tinken...de computer. Elts minsk stekt hjir aardich tiid yn, de ien wat mear as de oar.

Sa bin der yn de rin fan jierren ek in oantal seer grutte 'netwerk-programma's' by kaam. Tink mar oan MSN, Dirk-Yde-ik-ben-verdwaald-in-australie, wayn.com, etc. Mar op dit momint is der ien hiel grut netwerkprogramma, neamd, HYVES.



Op dizze site kin jo alle minsken fine wa je mar opsykje wolle. Teminste, as sy ek hun persoanlike HYVES ha. Jo type de namme yn fan it beesie en jawier, hy as sy komt mooi mei foto yn byld te stean.

Sa kaam der in skoftke lyn ek in SDS hyves.

Fuotballers, supporters, frywilligers en elts wa wat het mei SDS kin harren hjir oan tafoege. Tiid om ris te sjen wat foar persoanen dit binne en leuk om te sjen, harren profyl.

Om mar te begjinnen. We sil de ferskillen besjen fan twa broers ut Wommels.

Beide bin it keatsers en foatballers op knap heech nivo. As sy de kantine yn stappe sil de decibel-meter per direkt flink omheech gean en hjir en der hear jo ‘gadverdamme en HEJO’!! It bin de broerkes Erik en Jacob-klaas Haitisma.

Wannear ik Erik syn site iepenje sjoch ik gelyk wat, wer ik net fan skrik. It binne



pokerfiches. Dizze knaap is net smoarch fan in kaartspultsje. Erik hat 207 freonen, werfan in greut part froulju binne. Betsjut dit, dat hy goed yn ‘e markt leit, of soe hy se allegear



utnedigje, want, by broer Jacob is it oantal freonen mear, mar de dames bin gelyk oan de heren. Ik hear Erik al tinken.....ik bin gewoan knapper as myn broer!! Op de site fan Jacob kom ik ek gelyk ferrassend foar it skerm. Aldste broer stiet kreas op de foto mei

in potsje bier yn ‘e hân. En gelyk rjochts derfan sjoch ik in foto mei twa kanten. Jacob die de toer fan pizza tsjinhald. Hy wol waarskynlik hjirmei twa dingen sizze.

1. Sjoch ris hoe sterk ik bin.
2. Ik bin gek op pizza!!



Nêst dizze hobby’s en besigheden bin beide mannen echter merkhopppers. Beide joue oan dat se hâlde fan de merken: Heineken, Audi, Ralph Lauren, Jean Paul Gaultier en noch folle mear. It is echt dudlik dat beide mannen net folle nocht en tiid stutsen ha yn harren profiel fan de site. Beide bin koart en krêftich yn omskriuwingen en je kin echt sjen dat we libje yn de tiid fan: *“Goeiemoggel, afdeling viptransploft, ik roggel t wel!!”*

De folgende treffer betsjut op ‘e nij in nije rubryk ‘wy hyve mei’. Yn dy selde rubryk sil ik wer mei in twatal oan de slach mar wit noch net mei wa. Wolsto do “ûnferwacht” yn dizze rubryk oan it ljocht komme??? Meld dy dan no hiel rap oan by de SDS-hyvers. SDS-hyves telt no 88 leden en foar 1 januari mut dit der 200 wurde. Mei ien druk op de knop, sist do by de meast populaire hyvers-site!!

Groetnis GvA

Ut de alde doaze

"Trefferdjes"

1956 :

Zo langzamerhand begint onze vereniging vaste vormen aan te nemen en er zijn dan ook weinig schokkende gebeurtenissen meer te verwachten.

Toch zou er nog veel ter verbetering aangevoerd kunnen worden zoals bijv. verenigingsorgaan, een trainer, een kleedlokaal, opklimming naar een hogere klasse, enz. enz. Dit zijn alle nog idealen die ver buiten ons bereik liggen.

Omtrent het ledental kan nog worden opgemerkt dat dit momenteel + 35 bedraagt. Het verdient aanbeveling een betere organisatie aan te brengen in de junioren afdeling. Men moet trachten van deze vrijbuiters iets te maken.

1957 :

De algemene jaarvergadering is dit jaar niet door onze vereniging bezocht; van onze bestuursleden was er geen één in de gelegenheid en van de kant van de leden had blijkbaar ook niemand interesse.

Ik herinner mij nog de wedstrijd Oosterbierum-S.D.S. die niet minder dan met 16-1 door ons werd gewonnen. De kampioensvlag kan dan ook worden gehesen dit jaar en zal S.D.S. het volgende jaar in de 2e klas moeten uitkomen.

Besloten is op onze laatste bestuursvergadering om 10 augustus een seriewedstrijd te houden in verband met promotie en 10-jarig bestaan der vereniging. Verder zal er dan een feestavond worden gehouden. M. van der Weerd van Bolsward zal de avond verzorgen.

1958 :

Op 2 december vertrok onze midvoor H. Vollema. Dit betekende dat onze ploeg in de aanval beslist een beste kracht miste. Ook G. Eringa moest in militaire dienst en zal niet meer geregeld kunnen uitkomen.

In het bijzonder dank aan de heer H. Bijlsma en zijn vrouw die bij de thuiswedstrijden soms 2 keer op een middag thee zetten en op het terrein brengen. Hier wordt niet vaak bij stilgestaan.

(Aant)

De Bolderkarre

Persoanlik bin ik wol in man fan metafoaren. Sneon yn de besprekking foar de wedstriid tsjin Nijland hie ús trener it oer de bolderkarre. Tidens in wedstriid sitte der yn in team spilers dy't de karre lûke moatte. Oars kom je net foarút. Der binne tidens dy wedstriid ek spilers dy't efkes net de krêft ha om te lûken en op de karre sitten gean. En dan hest noch dyjingen dy't fan de karre falle en der efteroan hobbetje.

Neffens my is it dan saak om balâns te finen en de boel draaiende te hâlden. Dus dat betsjut dat we tidens de wedstriid besykje moatte de spilers dy't der achteroan hobbetje wer op de karre te krijen. Mar ek moatte de lûkers sa no en dan ris ferfongen wurde troch ien dy't al in skoft op de karre sitten hat. Mei elkoar moat der dus foar soarge wurde dat de karre dêr komt wêr't je 'm ha wolle.

CVVO- SDS (oefenje):

It is min waar en it reint. Mar dat mei gjin ekskús wêze. Dy karre moat lutsen wurde. De skeids fluitet en stadichoan springe der guons fan de karre en begjinne te lûken. De karre lûkt swier, troch it minne waar komme de bannen in ein yn de modder te stean. Mar we komme aardich los en we meitsje in lyts bytsje progresje (0-1, Tsjalling).

We ha de karre no aardich ûnder kontrôle en der komt wat gong yn. Bochten wurde flot naam en eltsenien liket syn plakje op en rûnom de karre fûn te hawwen. Op in gegeven momint komt der sels in lyts bytsje gong yn (0-2, wer Tsjalling). It liket net iens sa min mar dan stuitsje we op in rare kûle. (1-2) De karre sjit út syn spoar en hast nêst de dyk hy kin krekt noch bystjoert wurde (redding Jaap). Mar troch dizze meneuvels hat de karre al



in soad gong ferlen en komme we raar fêst te sitten yn de modder (2-2). De karre wurdt los helle en we ride fierder. Hurd giet it net want it is fals plat en op guon stikken is it sels steil omheech. It rint net flot by de berch op en sa no en dan falt der ien fan de karre. Sterker

noch ynienen is de leste man ek fan de karre fallen en de karre giet syn eigen gong. De berch wer del. Guon besykje noch op de karre te springen mar dit slagget net mear en de karre stiet ûnderoan de berch wer stil (skeids fluitet ôf, einstân 2-2).

It kin in kear gebeure dat de macht oer de karre ferlen wurdt. It is no wer saak om de karre foar sneon klear te meitsjen sadat we yn Snits miskien wol in hiel moai ritsje meitsje kinne.

Skelte.

Doelpuntenmakers 2008-2009



Bij it útkommen fan dizze Treffer witte wij hast wol seker dat er in grutske Harm Auke omrint yn Easterein. Hij hat de lieding yn it tusken klassemint fan doelpuntenmakers. Hij lit ús witte dat hij elkenien tige hertlik tank seit foar it hurde wurkjen foar him en it oanjaan fan goeie ballen. Yn dizze stân is net ferwurke de wedstriid WPB 1 – SDS 1.

Harm A	Dijkstra	V	7
Gearard	Posthumus	III en V	5
Skelte	Anema	I	3
Bas	de Haan	IV	3
Jacob	Plantinga	V	3
Harm	Stremmer	I	2
Dirk Yde	Sjaarda	II	2
Wichard	Deinum	II	2
Syb	Overal	II	2
Ralph	Wariman	III	2
Johnny	Leistra	V	2
Tsjalling	Sikma	I	1
Dirk	de Jong	I	1
Jelmer	Posthumus	II	1
Robert	Sijbesma	II	1
Feite	de Haan	II	1
Stefan	van Krimpen	III	1
Pieter	Kamstra	III	1
Jildert	Hylkema	III	1
Coen	Rameau	IV	1
Rudy	Dijlstra	IV	1
Gert Jan	Hessels	IV	1
Hendrik	Engbrenghof	IV	1
Lieuwe	v. d. Brug	IV	1
Frans Pieter	Terpstra	IV	1
Marco	Hoekstra	V	1
Jappie	Wijnia	V	1

(AH)

Supertreffer

It is tongersdeitejûn hiel let, let ik mar sizze it is freedtemoarn hiel betiid, dat de Treffer redaksje de kantine fan SDS binnenstapt. Sûnder mij. Like let as mei mij, hawwe se de gearkomst beeindige. Ik haw foar it earst bartsjinst en Willem, Sjoerd, Gerard, Dirk Yde en Atty krije dan ek echt de lêste want it is tiid. Willem nimt it wurd en wit te melden dat de Treffer út is. (dat sil tiid wurde, it is mids septimber, flitst der troch mij hinne) . "In hiel bysûndere Treffer", seit Willem (klopt, tink ik, sûnder mij makke) "en hij is foar dij, want it is de Aant Treffer". Hielendal ferbjustere nim ik in prachtich boekje oan en blêderje it fluch troch. Ik sjoch allegear nammen stean fan minsken dy't yn it komplot sieten: Jellie, ús bern (Hildau, Tsjard en Anne-Marije), Douwe, goede-âlde Bolke, Freddie, Meinte, Klaas, Sibe en de redaksje. Wat in begjin fan de freed. Ek noch mei 6 Murphys en in lekkere woarst yn de tas fyts ik mei Willem wer nei Wommels. Thús nim ik dy Treffer efkes troch en gean teloarsteld op bêd en fal foar twaen net yn sliep. De oare moarn bin ik myn teloarstelling noch net kwyt: "Hoe is it dochs mooglik dat se sa'n moaie Treffer meitsje kinne, sûnder mij. Sûnder mij!!!! Mar nei trije bakken kofje en in slach om Kûbaard op de lisfyts, wêr't myn beste tinzen altyd boppekomme, slacht myn teloarstelling om yn bliidskip. Geweldig dat de Treffer yn dizze foarm hast 10 jier bestiet en dat er altyd wer oare talinten binne dy't ek



meiwurkje wolle oan it moaiste, it leukste en it meast Frysktalige fuotbalklupblâd fan Fryslân fan de moaiste klup yn de omkriten fan Wommels en fierderop. Mannen en frouen dy't meiwurke hawwe oan dizze Treffer. Tige tank. It is wat mij betreft de moaiste Treffer ea....(en it bliuwt freeslik dat soks bûten mij om gien is) mei in prachtich twadde plak de Treffer wêr't Freddie it oer hie: de jubileumtreffer fan 2000. Doe mochten ek wij lekker fantaseare....

In moaie Treffer meitsje is miskien wol in keunst, mar it is noch wichtiger dat in redaksje de romte krijt om dat te dwaan sa't sij it wolle. En dy romte moat der altyd bliuwe want dan komt it beste yn de minsken boppe. Je moatte altyd hoeden wêze om nammen te neamen, dochs wol ik net om de namme fan Willem hinne. Troch de webside hawwe wij wol in hiel soad mei elkoar opwurke. Wat mij betreft op in geweldige wize: beide altyd fol ideeën en romte foarelkoar en beide mei it selde doel: in moaie Treffer en in leuke webside meitsje. Dat hâldt gelokkich net hielendal op. Want ik bin noch lang net útskreaun en do ek net hopenlik.

Ik mei myn stikje graach ôfslûte mei muzyk. Dêrom foar Willem in muzykje: in Skotse groep mei in nûmer dat passy útstrield sa't Skotten dat kinne as de besten. Passy foar de dingen dy't je as frijwilliger dwaan meie foar in klup. Geniet rom 8 minuten fan Runrig en in hiel grut koar, (Sjoch foar dit prachtige nûmer op <http://aant.tk/>) (AH)

Trefferkes

Boat mist

Ype en Harm Auke (SDS 5) sieten noflik op it terras bij de Walvis op Skylge. Yn ôfwachting fan de boat dy't harren om 12.30 oere nei Harns bringe moasten. Bij harren op it terras sieten Eddy en Jacob, dy hiene gjin haast. Eddy seach dat Ype en Harm Auke gjin horloazje om hiene. Hij sette syn eigen klokje in kertierke efterút en liet syn earm hieltyd hiel opfallend foar de eagen fan de oare twa gean. Jacob, dy't ek yn it komplot siet, lei in trui oer Hampie syn tillefoan. "Toet toet," wie it ynienen. Ferheard spatten de twa mannen omheech en sprinten sa't se noch nea dien hiene nei de boat. Op it dek stie Daan Boersma en hij seach de mannen oankommen en doe't se hast bij rin brêge wiene gie dy omheech. Daan koe it net heare mar hij seach oan de lippen dat er rare wurden sein waarden.

Floris



Fan Gert-Jan krigen wy it op freed 10 oktober it folgende berjocht:

Betreft de stand van zaken over Floris. Donderdag heeft Floris te horen gekregen dat hij een aangeboren hart afwijking heeft. Zijn rechter hartkamer is groter dan de andere en deze is misvormd. Hier kunnen ze verder niets aan doen behalve dan een icd plaatsen. Dit is voor Floris een enorme teleurstelling want dit betekent dat hij nooit meer intensief mag

sporten en ook niet intensief mag werken. Maandag word hij nog onderzocht in Amsterdam en dan is het wachten tot hij naar Zwolle kan waar Floris een icd krijgt doormiddel van een operatie. Ik moest namens Floris iedereen bedanken die zo met hem meeleeft het doet hem heel goed. Groeten van Floris en de familie

Alles wie fuort helle

Ek yn Menaam folgje se de webside fan SDS. Doe't sij liezen dat bij de wedstryd SDS 5 in stoel sneuvele wie troch it uten fan in teloarstelling, hawwe sij gelyk harren maatregels nommen. SDS 5 mocht op it bij-fjild spylje. En dêr stie dan ek echt hielendal neat om hinne. Gjinn stek, gjin dug-out, gjin bank en fansels gjin stoel. Ype spile in goeie wedstryd en der wie gjin inkele oanlieding om earne tsjin oan te skoppen.

.....en ús heit!!

By de wedstryd WPB 1- SDS 1 stie Pieter Sytsma mei Tom & Pieter en hun heit nei de wedstryd te sjen doe 't it folgende gesprek ûntstie; "It soe wol leuk wêze as de keeper in doelpunt meitsje soe", sei Tom". Ynderdaad, jong mar dat bard net sa faak", sei syn heit. Pieter Sytsma koe hjir mear oer fertelle; "Ik kin 3 keepers dy 't in kear skoord hawwe; Castro fan Roda, Pieckenhagen fan Heracles en..... ús heit!!

Oar lettertype

Wy soenen dizze Treffer eins yn in oar lettertype útbringe. Spitich genôch hie dit wat mear om 'e hakken dan wy tochten. Dan de folgende kear mar.

Wietze Vink

Hjirûnder sjogge jim Wietze Vink. Hy die lêsten de stand by de wedstriid fan SDS B1. Dizze wedstriid eindige mei



17-1 en it "bakje" en it scoreboerd wienen fan slach.... Wietze gelokkich net, hy begong gewoan wer by 1, neidat de 10e goal fallen wie....

Trefferke

Hjir hie dyn Trefferke stean kind!

Mail leuk nijs nei :

detreffer@vv-sds.nl

Bulten

Jierrenlang stienen der bulten rûn it trainingsfjild efter de sporthal. Geregeld stienen hjir skiep op om de trainingen te besjen. Sûnt it trainingsfjild hielendal oer de kop gien is, binne de bulten fuort. Wy fregen ús ôf wêr 't sy bleaunen wienen doe 't wy se fan 'e wike plots wer tsjinkamen. De bulten blike no yn Switserlân te stean. No steane der kij op dy 't moai sjen kinne hoe 't it Switsers alvetal traint.



Tige tank

Alhiel ferrast wie ik bij it útkommen fan in prachtige Treffer. De Aant Treffer. In hiele protte minsken dy't yn it spier west hawwe om mij tank te sizzen foar it Treffer wurk.

Prachtige stikken fan SDS-ers dy't ek harren spoaren fertsjinne hawwe yn de Treffer redaksje.

It soe bij mij passe om op al dy stikken yn te gean. Lekker op in swart wyt wize (sitaat Klaas Pompstra) der wat oer skriuwe. Dat doch ik net.

Ik wol gewoan elkenien gewoan tank sizze foar dit stik wurk. En je kinne in skriuwer net lokkiger meitsje as mei sa'n prachtich boekje.

Tige, tige tank

Aant

Rûnom Easterein

Op 9 novimber is de fytstocht Rûnom Easterein. Neffens afstandmeten.nl is ien rûntsje 13.65 kilometer. Der wurde 3 rûntsjes ferriden. Opjaan kin bij dysjaarda@gmail.com 06-54385633

Futsal

Om 't SDS 1 futsal dit seizoen net útkomt yn de seal is de sporthal sa 'n ien kear yn de twa wiken net yn gebrûk. As der minsken binne dy 't it leuk fine soenen om dêr dan efkes in oerke te sealfuotbaljen dan moatte sy efkes kontakt opnimme mei Willem Wijnia(info@vv-sds.nl) of Durk Okkema.

Agenda

Wannear?	Wat?	Wêr?
Sneon 18 oktober	Beker en inhaal	
Tongersdei 23 oktober	SC Heerenveen – AC Milan	Heerenveen
Sneon 25 oktober	Hollandscheveld 1 - SDS 1	Hollandscheveld
Tiisdei 28 oktober	Waterpoort Boys 1 – SDS 1	Snits
Sneon 1 novimber	SDS 1 – Olde Veste 1	Easterein
Sneon 8 novimber	SDS 1 – Oeverzwaluwen 1	Easterein
Snein 9 novimber	Hurdfutswedstryd “Rûnom Easterein	Easterein
Freed 14 novimber	Ledengearkomst SDS	Kantine
Sneon 15 novimber	Meppel 1 – SDS 1	Meppel
Sneon 29 novimber	SDS 1 – Olympia ’28 1	Easterein
Tongersdei 4 desimber	SC Heerenveen – Sporting Braga	Heerenveen
Freed 5 desimber	Sinterklazefeest	Yn hiel Nederlân
Sneon 6 desimber	SDS 1 – De Weide 1	Easterein
Moandei 8 desimber	Kopydatum Treffer	
Tongersdei 11 desimber	Treffergearkomst	Kantine
Sneon 13 desimber	Heerenveense Boys 1 – SDS 1	Heerenveen
Sneon 13 desimber	Ôfskiedskonsert Strawelte	Ljouwert
Sneon 20 desimber	Begjin winterstop	
Snein 28 desimber	FC Groningen – SC Heerenveen	Grins
Sneon 10 jannewaris	Finales Midwintercup	Frentsjer

SDS Fanshop

SDS-autofaan

Der binne prachtige SDS-autofanen te krijen.

De fanen koste €6.00 it stik.

De autofanen binne te keap by
Tineke Vink, De Singel 30a, Easterein
0515-333134 famviea@hetnet.nl

